

# *Bitinkingsjoun fan dr. Eeltsje yn Wergea*

Yn july wie yn Grou de bitinking fan de hûndertste stjerdei fan dr. Eeltsje Halbertsma. By dy gelegenheit hat de hear D. Deinum, siktaris fan Wûnseradiel, sprutsen oer libben en wurk fan dr. Eeltsje, ôfwiksele mei sang fan it Grouster Mingd Koar. Party minsken wiene doe fan bitinken, dat it winliken spitich wie, dat al it wurk foar dizze bitinking mar foar ien joun dien wie en dat der net mear minsken fan dit programma genietsje koene. De gemeentelike kulturele kontakt-kommisje fan Idaerderadiel hat nou yn 'e mande mei „Pleatslik Bilang” yn Wergea bisletten om dit bitinkingsprogramma foar de Wergeasters út to fieren. Dat sil barre tongersdeitojoun op 'e seale fan café Castelein. De hear Deinum sil der sprekke en it Grouster Mingd Koar sil sjonge. It folk fan Wergea sil grif dizze dr. Eeltsje-joun net forsitte wolle.